



Wetter yn 'e eagen

Tomke, Romke en Yana Yu binne mei Kornelia by in bûtenswimbad. 'Ik doar wol mei myn holle ûnder wetter', seit Tomke. Hy docht de hannen foar de eagen, bûcht foaroer en mei it puntsje fan syn noas rekket er it wetter oan. 'Moatst my ris sjen', seit Yana Yu. Se knypt de eagen en de mûle ticht en giet hielendal ûnder wetter. As se wer boppekomt, rint it wetter har by de holle del. 'No ik', ropt Romke. Hy springt omheech en giet dan, plûms, ek kopke-ûnder. It wetter spat alle kanten út. Tomke docht in pear stappen achterút. 'Do spatst my hielendal wiet Romke', foeteret er. 'No ha 'k wetter yn 'e eagen!' Tomke wriuwt yn syn eagen en ropt lilik: 'Ik wol net mear swimme!' 'Kom der allegear mar even út', seit Kornelia, 'wy krije earst wat drinken.' As se de beker leech ha, seit se: 'En no ha ik in ferrassing.' Kornelia jout Romke in nij baltsje. Foar Tomke en Yana Yu hellet se in lyts pakje út de tas.

Yn it papierke sit... in dûkbril!
 'Oooh, wat moai Kornelia!' roppe se.
 Yana Yu en Tomke sette de dûkbril gau op.
 No wol Tomke wol wer swimme.
 Mei-inoar boartsje se in hiel skoft yn it wetter mei Romke syn nije bal.
 Se spatte en spetterje mar raak.
 As Tomke omfalt, giet er kopke-ûnder.
 It wetter dript út syn hierkes en rint him by de holle del.
 Mar no laket Tomke derom.
 Bliid ropt er: 'Mei de dûkbril op krij ik lekker noait wer wetter yn 'e eagen!'

